

Kerkverhaal 2

In Sweedse kenningsoan byset yn de grêfkelder fan Bitgum.

Gustaaf Carlson, Graaf van Boringe, Hear fan Lindholm, wie in soan fan Carel X Gustaf, de kening fan Sweden en Brigitta Allerts, de frou fan in schepen in matres dus, berne 1649 yn Stockholm.

Syn heit en keninginne Hedvig Eleonora soargen der foar dat hy in goede opfieding kriich en ynkomsten út syn besit.

De keningsoan makke reizen nei Dútslân, Frankryk, Ingelân, Italië en Nederlân. Yn Den Haach soe hy de leafde foar Nederlân krigen ha, hy keas foar in militêre loopbaan, hy waard ta Kapitein beneamd troch de steaten fan Hollân.

Hy hat noch efkes wer werom west yn Sweden, mar is dêr lulk wer wei gien, omdat syn healbroer him net ta lid fan de Raad fan State beneamd hie.

Hy bedarre wer yn Hollân en waard wer kapitein yn tsjinst fan de Steaten Generaal en waard letter op foarspraak fan de keninginne fan Sweden al rille gau Kolonel.

Carlson makke ek diel út fan in ekspedysje nei Ierlân dy't optrede moasten tsjin de oanhingers fan Jacobus II de skoanheit fan Willem III, sûnt 1688 kening fan Ingelân, hy hat hjir testaminte en it die bliken dat hy syn besit te Sweden kwyt rekke wie doe't syn healbroer Kening wurden wie.

Finansjeel gie it him dus net foar de wyn.

Gustaf Carlson hie in gigantysk besit oan boeken wol sa'n 12000 bannen en wie tige beleard wie bedreaun yn de letterkunde en wittenskippen en hie in besûnder goed ûnthâld, prate latyn en in protte oare talen.

Carlson hie ek kunde oan Vegilin van Claerbergen, dizze soe him op it spoar fan Bitgum brocht hawwe.

Hjir wenne op it slot Groot Terhorne of Martena State, Isabella Susanna Thoe Schwartzenberg en Hohenlansberg.

Sy hie alris in fersyk fan in man fan goede komôf ôfslein, en wie dus noch frij faam.

Neidat sy har heit en mem en de beide bruorren oerlibbe hie, wie se de iennichste erfgenamt fan it Slot, it lân en de pleatsen dy't dêrby hearden en se hie der dan ek foar soarge yn har testamint, dat de boel foar altyd byelkoar bliuwe moast en takaam oan de âldste soan fan it geslacht Thoe Schwartzenberg en Hohenlansberg.

Dit testamintsjen wie wol nedich want Isabella en har nicht Helena Maria krigen de erfenis fan in fier famyljelid Rixt van Donia, widdo fan Frans Duco van Camingha, Rixt hie har bern oerlibbe en dus stoar dit geslacht in 1680 út.

Alles fan de Camingha's waard dus ferparte oer de beide nichten Thoe Schwartzenberg en dat wie der nochal wat.

Sy, Baronesse Thoe Schwartzenberg en Hohenlansberg en hy, Graaf Carlson smieten de lappen gear, wol op houlikse wearden, bûten mienskip fan guod, mar it gie oan yn 1685 sy wie doe 45 jier, hy 36 jier âld.

Hja trouwen op it Amelân, dat wie ommers dochs fan harren, se wennen om bar te Bitgum op it slot Groot Terhorne en winterdei's te Ljouwert op it Amelânshûs.

Graaf Carlson ferstoar op nijjiersdei 1708, 58 jier âld te Bitgum op Groot Terhorne.

De bysetting yn de famylje grêfkelder yn de tsjerke fan Bitgum gie mei in protte pracht en preal.

De bysetting wie let op 'e jûn, dit tsjûge yn dy tiid fan fernamens, de klokken fan Bitgum hawwe in dei lang let, hy waard mei in koets mei in seisspan hynders nei Bitgum brocht mei oan beide siden begelaat mei 6 fakkels dêr efter in koets mei 4 fakkels en de koetsen dy't dêrnei kamen 2 fakkels, foarop rûn de húsknecht mei it famyljewapen fan de ferstoarne, dêrefter 4 feinten mei fakkels. Fjouwer betûfte dragers rûnen efter de lykkoets, sa waard Gustaf Carlson, Graaf fan Boringe, Hear fan Lintholm yndroegen yn de Martinusstjerke fan Bitgum, dizze tsjerke wêr't Baronesse, Isabella Susanna, sels de earste stien oan lein hie.

In grôtfolle tsjerke, want fernaam folk hat in protte kunde, ek yn hegere regioanen.

De tsjerke wie ferljochte mei kearzen en oaljelampen, wat fêst in mysterieus oansjen west hat.

Nei in plechtige tsjinst en de noadige goede wurden fan wurdearring, waard de kiste mei it omskot plechtich de treppen del droegen yn de kelder ûnder it koar.

Nei de resauraasje 1975/80 is de kelder opknappe en is der yn oerlis mei de famylje Thoe Schwartzberg en Hohenlansberg in nije kiste ynkommen .

Tidens de tsjerkepaad wiken is de kelder iepen foar de belangstellenden.

Klaas Abe Kamstra.